



Sipke fynt in Ijpaai

Oan: Alle basisskoallen yn Ljouwert

Ljouwert, april 2023

Bêste learkrêft fan groep 1,2,3,4,

De maitiid is begûn, de sinne skynt, de beammen wurde grien, de blommen binne wer kleurich en fleurich en de fûgels fluitsje. De Ijppen binne werom yn Fryslân. De bêste tiid om bûten les te jaan.

Dêrom krije jimme dit prachtige lytse printeboek Sipke fynt in Ijpaai, fan de gemeente Ljouwert en IVN. It giet oer in lytse pipermuus, dy't tegearre mei syn pake it lân yn giet om te aaisykjen. De âlde pet op 'e holle en in kiker en de polsstôk yn 'e hân.

Nei it foarlêzen fan it boekje, kinne jimme noch in pear koarte oanslutende opdrachtjes dwaan mei de bern, op of rûnom it skoalplein.

Mei freonlike groetnis,

Gemeente Ljouwert
Eveline van Oudbroekhuizen, IVN

Aan: Alle basisscholen in Leeuwarden

Ljouwert, april 2023

Beste leerkracht van groep 1,2,3,4,

Het voorjaar is begonnen. De zon schijnt, de bomen worden groen, de bloemen bloeien en de vogels fluiten. De kieviten zijn terug in Friesland. De perfecte tijd om buiten les te geven.

Daarom krijgen jullie van gemeente Leeuwarden en IVN dit prachtige kleine prentenboek Sipke vindt in kievitseizoen. Het gaat over een kleine spitsmuis, die samen met zijn opa eieren gaat zoeken in het veld. De oude pet op zijn hoofd, een verrekijker en een pols in de hand.

Na het voorlezen van het boekje kunnen jullie met de kinderen nog een paar aansluitende opdrachtjes doen, rondom of op het schoolplein.

Met vriendelijke groet,

Gemeente Leeuwarden
Eveline van Oudbroekhuizen,
IVN





Sipke fynt in ljipaai

De matrialen dy't nedich hast foar dit lytse projekt binne:

1. It boekje Sipke fynt in ljipaai (is taheakke)
2. Fjouwer ôfbildings fan greidefûgels en 1 foto fan in nêst fan in ljip (*is taheakke*)
3. Wurdkaarten (is taheakke)
4. Dizze brief mei útlis en in oarkonde
5. Sels foar klaai soargje en mooglik ferve

Dit lytse projekt bestjit út twa ûnderdielen:

1. It boek foarlêze yn de klasse. It boek fan Lida Dykstra hat in Fryske en Nederlânske tekst en de wurdkaarten brûke.
2. Trije opdrachten op it skoalplein of tichtby skoalle.

1. Foarlêze boekje


Yntro

Hast wolris in ljip sjoen? De ljip hat in túf op de kop. De ljip ropt Kiewiet/kiewiet. Yn it Nederlânsk ha se de ljip dêrom Kievit neamt. Hy ropt syn eigen namme. De ljip hâldt fan wjirms en migjes (*lit de foto sjen*).

De ljip komt yn de maitiid yn Fryslân en makket in nêst op de grûn. De aaien ha in skutkleur. Dy falle net sa bot op. In hinne aai is brún of wyt (*lit de foto fan de aaien sjen*).

Foarhinne gongen minsken te ljipaai sykjen. Se namen in polsstok mei en dienen in pet op de kop. No sykje de minsken noch wol ljipaaien, mar nimme se net mear mei yn de pet. Se meitsje in foto fan it nêst en helpe de ljip om it nêst te beskermjen. Krekt salang at de piken út it nêst krûpt binne.

De freonen fan de ljip binne dizze greidefûgels: De skries/grutto, de strânljip/scholekster en de tsjirk/tureluur (*hingje de foto's en de wurdkaarten yn de klasse*).



LJIP



SKRIES



STRÂNLJIP



TSJIRK





Sipke fynt in Ijpaai/ Sipke vindt een kievitseï

De benodigde materialen voor dit miniproject zijn:

1. Het boekje Sipke fynt in Ijpaai is bijgevoegd
2. Vier foto's van weidevogels en 1 foto van nest van kievit is bijgevoegd
3. Woordkaarten is bijgevoegd
4. Deze brief met uitleg en een oorkonde
5. Zelf voor klei zorgen en eventueel verf

Dit miniproject bestaat uit twee onderdelen:

1. Het boek voorlezen in de klas en de woordkaarten gebruiken. Het boek van Lida Dijkstra heeft een Friese en Nederlandstalige tekst.
2. Drie opdrachtjes op het schoolplein of in de nabije schoolomgeving;

1. Voorlezen boekje

Ter introductie kan de volgende tekst worden verteld:

Heb je wel eens van de kievit gehoord? De kievit roept zijn eigen naam "kieuwit kieuwit". Je kunt de kievit herkennen aan zijn kuif op zijn kop (*laat de foto van de kievit zien*).

De kievit komt in het vroege voorjaar in Nederland en gaat in de weilanden een nest maken in een kuiltje in de grond. De eieren hebben een schutkleur, je ziet ze bijna niet liggen (*laat de foto van het nest met de kievitseieren zien*).

Vroeger raapten de mensen kievitseieren om ze op te eten. Nu zoeken de mensen nog steeds kievitseieren, maar ze nemen ze niet meer mee. Ze maken een foto van het nest. En helpen de kievit om de eieren in het nest te beschermen. Net zolang tot er kleine kieviten uit het nest zijn gekropen.

De vrienden van de kievit zijn deze weidevogels:

De grutto, de scholekster en de tureluur

(*hang de foto's en de woordkaarten in de klas*).



KIEVIT



GRUTTO



SCHOLEKSTER



TURELUUR

2. Bûtenopdrachten

Dizze koarte bûtenopdrachten kinne klassikaal dien wurde.

Aaien sykje

Ferstopje in aai op it skoalplein. Alle bern sykje it aai.

Wa hat, krekt as Sipke, it earste ljipaai fûn? Dy krijt in oarkonde.

In nêst fol aaien

Nedich: Klaai

In ljip makket in nêst fan gêrs yn in kûltsje op de grûn. Yn dat nêst lizze meastal 4 aaien. De aaien binne grienich mei brúnswarte stippen. Kinst de aaien hast net sjen.

Meitsje fan klaai, fjouwer lytse aaien. (kinst se ek noch fervje mei in skutkleur). Meitsje bûten yn it gêrs in nêst foar de ljip en lis de aaien der yn.



Wjirms sykje

In ljip hat koarte poatsje en in koarte snaffel. Hy hâldt fan wjirms en migjes. Dyn finger is de snaffel. Sykje mei de snaffel nei wjirms. Prik yn de grûn en sykje in wjirm. Besjoch de wjirm goed. En lit de wjirm dêrnei wer frij. En sjochs yn it gêrs kinst ek migjes? Wat in hearlike hapkes.



3. Wurdkaarten brûke

- Hingje de wurdkaarten op yn de klasse.
- In tal bern hat in wurdkaart yn de hân. De learkrêft betinkt in ferhaal by de wurden fan de wurdkaartsjes. It bern mei it wurd, hâld it wurd omheech.
- Lês it boekje mei de bern. Lit se in wurdkaart omheech hâlde at it kaartsje der yn foar komt.
- Brûk de wurdkaarten om de wurden te stimpeljen.



2. Buitenopdrachten

Deze korte buitenopdrachten kunnen klassikaal worden gedaan.

Eieren zoeken

Ter introductie van de buitenopdrachten kan een ei op het schoolplein verstopt worden. Alle kinderen zoeken het ei. Wie heeft, net als Sipke, het eerste kiviets ei gevonden? Die krijgt een oorkonde.

Een nest vol eieren

Nodig: Klei

Een kievit maakt een nest in het gras in een kuiltje op de grond. In dat nest leggen ze meestal 4 eieren. De eieren zijn groenig met bruinzwarte stippen. Je kan de eieren haast niet zien.

Maak van klei, vier kleine eieren. (Ze kunnen eventueel ook nog geverfd worden met een schutkleur). Maak buiten in het gras een nest voor de kievit en leg de eieren er in.



Wormen zoeken

Een kievit heeft korte pootjes en een korte snavel. Hij lust graag wormen en vliegjes. Jouw vinger is de snavel. Zoek met je snavel naar een worm. Prik in de grond. Bekijk de worm goed. En laat de worm daarna weer vrij. En zie je in het gras ook vliegen? Wat heerlijke hapjes.



3. Woordkaarten

- Hang de woordkaartjes op in de klas.
- Een aantal kinderen heeft een woordkaartje in de hand. Als leerkracht ga je nu een verhaal verzinnen met de woorden van de woordkaartjes.
- Lees het boekje met de kinderen. Als het woord in het boekje voorkomt houden ze het kaartje omhoog.
- Gebruik de woordkaarten om de woorden te stempelen.





OARKONDE

earste Gipsari

Fûn troch:

Datum:





OORKONDE

eerste Kievitse

Gevonden door:

Datum:



